

Kies dizze **lokale partij** yn Tytsjerksteradiel.

**“Minder jild foar regels en rapporten,
mear jild foar ús ynwenners.”**



VVD Tytsjerksteradiel
tinkt lokaal



(14, 15 en) 16 maart 2022 - Gemeenteriedsferkiezings Tytsjerksteradiel

VVD Tytsjerksteradiel
tinkt lokaal

"Wêrom't ik polityk aktyf bin? Do kinst oan de sydline roppe en raze, mar do kinst ek de fuotbalskuon oandwaan, it fjild op gean en dy aktyf ynsette foar ús ynwenners.

Ik kies dêrby foar de VVD om't de VVD in **folkspartij** is dy't net fêstrustke sit yn syn ideeën en ek omtinken hat foar **oare oplossingen**."

Tiemen Jongsma

"Sûnt 2018 bin ik út namme fan de VVD riedslid yn de gemeente Tytsjerksteradiel. Yn de ried sjoch ik in protte riedsleden dy't oanhâldend ús ynwenners ideologysk belied oplizze. De measte ynwenners wolle in grutte karfrijheid hawwe as it om harren wen- en libbensomstannichheden giet. Ik kom graach op foar de stille mearderheid.

Ik kies foar de VVD om't VVD'ers faak **sterke mieningen** hawwe. De VVD is in partij dy't ek faak de **saaklike kant** besjocht sadat foarsjennings op termyn betelber bliuwe. De oerheid kin net alles betelje. De belestingdruk wurdt oars te heech. VVD Tytsjerksteradiel is in **lokale politike partij** mei in prachtich netwurk yn oare gemeenten, op provinsjaal, nasjonaal en ynternasjonaal nivo."

Sjaak Hoekstra

"Ik wol graach bydrage oan in maatskippij dêr't ús ynwenners de frijheid hawwe om harren **eigen kar** te meitsjen. Dêrby sjoch ik goed nei helberens, **goede ferdieling oer de ferskate doarpen**, finansjele útjeften yn relaasje ta effektiviteit, ensafuorthinne. Fanwege myn affiniteit mei sport soe ik my hjir graach foar ynsette. Ik kies foar de VVD omdat dy partij iepen stiet foar de **karfrijheid** foar elkenien."

Peter van der Werf



Dineke Wagenaar, 31 jier, Noardburgum listlûker, kandidaat 1

"In protte ûnderwerpen yn jo direkte wenomjouwing wurde bepaald troch de gemeenteried. Jo kinne der in mienskip oer útsprekke op in jierdeifeestje, mar dat lost neat op. As riedslid kinst **meidwaan oan de beslútfarming**. Dat is foar my wichtich en dêrom stel ik my wer beskikber as kandidaat-riedslid.

Ik bin sûnt 2018 aktyf foar de VVD om't dat neffens my in **positive nuchtere klup** is. De VVD wol polityk bedriuwe troch foaral te sjen nei wat mooglik is en **net altyd de oplossing direkt by de oerheid** te sykjen. De VVD giet út fan de eigen krêft fan inwenners en ûndernimmers. Foaral it skoalmastersfingerke net omheech."

Dineke Wagenaar



Peter van der Werf, 63 jier, Oentsjerk kandidaat 4



Irene Rutte-Schipper, 66 jier, Burgum kandidaat 8

DYN STIM IS WICHTICH

Op (moandei 14 maart, tiisdei 15 maart en) woansdei 16 maart 2022 kinne jo nei de stimbus om in nije gemeenteried gear te stallen. De gemeenteried nimt de kommende fjouwer jier besluten dy't in grutte ynfloed hawwe kinne op jo wenomjouwing.

Tink goed nei hokker partij dyn stim fertsjinnet!

"As jo in **dúdlige mienskip** hawwe, fyn ik it wichtich dat jo net oan 'e kant steane. It is goed dat jo **aktyf** meitinke hoe't jo wenomjouwing better makke wurde kin. **Meidwaan** oan politike beslútfarming is de skientme fan in **demokrasjy**."

Ik kies foar de VVD omdat dizze partij **ûndernimmers** en **ûndernimmende ynwenners** fertsjintwurdiget. De VVD jout romte sadat elkenien syn of har **kânsen** gripe kin."

Trienke Wijbenga



Trienke Wijbenga, 44 jier, Gytsjerk kandidaat 6

"Ik fyn it wichtich dat de **jongere generaasje** hjir bliuwe kin om te **wenjen en te wurkjen**. Der moat genôch goedkeape wenrûmte komme. Der binne op dit stuit **net genôch wenningen** foar de jongerein. Dat komt mooglik omdat der **te min jongeren** yn de gemeenteried sitte. De kommende jierren wol ik my **graach ynsette** foar betelbere hûsfesting. Dêrom stel ik my beskikber as kandidaat-riedslid.

Ik kies foar de VVD omdat de VVD in partij is, dy't him weromhâldend opstelt en him benammen rjochtet op de **kearn taken fan de oerheid**. Sa bliuwt de betelberheid oerein."

Jurre Kamminga

"Ik fyn it wichtich dat ús ynwenners op in **noflike en gelokkige manier** yn Tytsjerksteradiel wenje. Wy wolle behâlde wat goed giet. Dat is net fanselsprekkend. Dêr moatte wy alle dagen hurd foar wurkje. Sadat jo jo libben feilich en frij libje kinne.

Dingen dy't better kinne, sille wy ek echt better meitsje."

Irene Rutte-Schipper



Jurre Kamminga, 16 jier, Burgum kandidaat 5

WAT DRIUWT ÚS KANDIDATEN OM JO BELANGEN TE FERTSJINTWURDIGJEN?



Sjaak Hoekstra, 49 jr, Burgum kandidaat 2

ÚS TOLVE HAADPUNTEN

1. Wy wolle in **ferbettere service** oan ús ynwenners, lykas oare iepeningstiden, moaiere túnen, better meanbelied en **alle fjirtjin dagen** leegjen fan de grize ôffalkontener.
2. Wy wolle hurder avensearje mei **wentebou by alle doarpen** foar alle doelgroepen, mar benammen foar de jongerein en âlderein.
3. Wy wolle **ús jongerein genôch kânsen** jaan, sûnder dat wy al ús oare ynwenners ferjitte.
4. Wy wolle de **ekonomy in ympuls jaan** troch nije bedriuwen wolkom te hjitten en te wurkjen mei minder regels foar ûndernimmers.
5. Wy wolle in **realistysk duorsumensbelied**, wêrby't wy boppe op lanlik belied **gjin easken** stelle oan ús ynwenners. Gjin sinneparken op lânbougrûn.
6. Wy wolle ynwenners en ûndernimmers **stimulearje om aktiviteiten te ûntwikkeljen** dêr't de mienskip profyt fan hat.
7. Wy wolle **tuskentroch gjin ferheging** fan de ûnreplik goedbelesting boppe op 'e ynflaasjekorreksje.
8. Wy wolle in **lykwicht** tusken útjeften en ynkomsten. Wy rjochtsje ús op de kearntaken, minder amtners, **minder rapporten en ekstern advys**, mear konkurrearjende ynkeap fan benammen pleatslike ûndernimmers en folle better hannelje by fer- en oankeaptransaksjes.
9. Wy wolle **gjin burokrasy** by it útfieren fan soarchtaken. Sa is der mear tiid foar minsken en minder tiid foar papier.
10. Wy wolle dat de plysje **maklik tagonklik** is. Sadat jo feilich libje kinne.
11. Wy wolle yngeand neitinke oer it eindigjen fan de wurkmaatskippij mei Achtkarspelen, fusearje mei in oare gemeente of selsstannich trochgean. Wy freegje ús hieltyd ôf "yn hokker foarm krije ús ynwenners en ûndernimmers de **bêste tsjinstferliening** foar in goede priis?"
12. Wy wolle **saakkundige en betûfte bestjoerders** yn it kolleezje fan b&w. It kolleezje fân b&w, de gemeenteried en de amtners binne der foar de ynwenners. **Net oarsom.**

ÚS 12 KANDIDAAT-RIEDSLEDEN

Folgje de neistlizzende QR-koade nei ús webside



IT HIELE FERKIEZINGSPROGRAMMA

Folgje de neistlizzende QR-koade nei ús webside



IT LIBERALE LÛD FAN DE LÊSTE JIERREN

Folgje de neistlizzende QR-koade nei ús webside



WOLLE JO DIT DOKUMINT YN IT NEDERLÂNSK LÊZE?

Folgje de neistlizzende QR-koade nei ús webside

